

Jochem Myjer

DE GOARGELS

Yllustraasjes Rick de Haas



BORNMEER

Foar Marloes, Limoni en Melle

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân,
Tresoar en de Douwe Kalma Stifting.

Oarspronklike titel: De Gorgels

© 2015 Jochem Myjer (tekst)

© 2015 Rick de Haas (yllustraasjes)

Uitgeverij Leopold, Amsterdam

Fryske útjefte:

© 2021 Martsje de Jong | útjouwerij Bornmeer

Opmaak: Julien Hoekstra-Kermans | DTP-Atelier

ISBN 978 90 5615 824 8

NUR 524 | 281


Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/
of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker
wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij
Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan


20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

YNHÂLD



- In boltsje wol 9
Gjin tiid foar fragen 11
Wite stjonkferve 15
De frjemde bromstim 19
It boek 23
De Oppasgoargel 26
De luie sneon 29
Bobba 33
De Oaren 35
De R yn 'e moanne 38
De deade bistetún 40
Melle leart stôkfjochtsjen 44
Bobba rûkt gefaar 47
De Bruteler 49
Earne Bobba 52
De deade bistetún (2) 55
De Grize Goargel 58
Ofdieling read 61
In libbene Goargel 63
De Krolman 65
It Eilân 68
De Goargelbeien 73
Hielendal allinnich 78
De Goargels 83
De Grize Goargel (2) 87
It grutte plan 91
Winkelje 94
De trije amers 98
Hielendal klear 101
De lêste tariedingen 105
It grutte gefjocht 109
De Goargelstoarm 113
De wraak fan de Grutbek-
bruteler 116
Wer thús 119
It normale libben 125
Joebelabambam! 130





IN BOLTSJE WOL

9

Melle waard wekker.

Net troch de rein dy't op de ruten tikke. Ek net troch de wyn dy't bûten in fluitkonsert joech.

Hy waard wekker om't er fielde dat er net allinnich wie.

Stadich die er syn eagen iepen. Sûnder te bewegen seach Melle nei links.

Troch in kier yn it gerdyn seach er de moanne. Dy like op in koek dêr't ien in grutte hap útnommen hie.

Melle loerde troch syn wimpers nei rjochts.

Doe seach er it.

Melle moast syn bêst dwaan om net te razen.

Der siet wat op 'e râne fan syn bêd! Flak by syn hân.

It wie moeilik te sjen. It iennige ljocht yn syn keamer kaam fan it klokje neist syn bêd.

Melle die syn eagen sa wiid iepen as er koe.

Hy tocht earst dat it in piper mûs wie. Dy hie er lêsten yn syn biologyboek sjoen.

Mar dêr wie it te grut foar.

It like noch it meast op in boltsje wol.

Der stutsen twa sterke skonkjes út. En twa earmkes dy't in houten stôk beetholden.

De twa hierrige, puntige earen op it kopke beweegden stadich hinne en wer.

Melle syn mûle foel iepen. Sawat frjemds hie er noch noait sjoen.

Sa sachtsjes mooglik ferpleatste Melle syn linkerhân nei syn kessen.

Dêr lei syn bûslampe ûnder.

De earen fan it wêzentsje holden op mei bewegen.

Melle moast no fluch wêze. Yn ien hânbeweging knipte er de bûslampe oan en skynde op de râne fan it bêd.

‘Hallo!’ rôp Melle.

Der wie neat mear te sjen. It wêzentsje wie oplost yn it tsjuster.

10 ‘Hallo,’ rôp Melle noch in kear. ‘Is dêr ien?’

Hy sprong út bêd en die it grutte ljocht oan.

Hy seach fluch ûnder syn bêd. Hy skodde it dekbêd út. Hy seach sels ûnder it matras.

Even tocht Melle dat er gek wurden wie. Hy wie der wis fan dat er net dreamd hie. Syn eagen liigden noait.

Moarn sykje ik dit oant de boaiem ta út, tocht er.

Doe stapte er wer yn ’t bêd en die it ljocht út.



GJIN TIID FOAR FRAGEN

11

‘Melle! Wekker wurde!’

Melle seach de sliepperige holle fan mem boppe syn bêd hingjen.

‘Ut wat foar dreamwrâld komsto? Ik stean al fiif minuten te roppen,’ sei mem. ‘Hup, hup, hup, wekker wurde! De wekker is net ôfgien. Wy binne al fierste let.’

De wekker fan heit en mem wie sa âld dat er faak fergeat te ratteljen.

Melle gappe. ‘Ik set moarn myn eigen wekker wol wer.’

Hy sprong út bêd. ‘Mem, wêr binne myn nije sokken?’

‘By de ûnderbroeken, tink ik,’ rôp mem wylst se nei ûnderen draafde.

Ynienen moast er wer oan fannacht tinke. Oan dat boltsje wol dêr’t earmkes en skonkjes útstutsen.

Hy seach noch even goed ûnder syn bêd. Mar dêr wie neat te sjen.

Ik freegje it daalk wol oan heit, tocht Melle.

Syn heit wist alles fan bisten. Hy wie biolooch. Dat woe Melle letter ek wurde.

Hy draafde de trep ôf.

Syn mem joech him syn rêchtas.

‘Dy kinst ûnderweis opite, want wy binne no al fierste let!’

‘Njummy,’ sei Melle. ‘Lekker hear, in rêchtas as moarnsiten.’

Mem seach him nuver oan.

‘O, sorry,’ sei se. ‘Ik bedoel dy.’ Se wiisde nei it stik bôle mei nûtsjesmoar op tafel.

Wilens kamde se de krollen fan Melle syn suske Limoni.

‘Au, mem!’ raasde Limoni. ‘Foarsichtich!’

Heit stie yn ’e gong mei Melle syn jas yn ’e hân.

‘Heit, kin it wêze dat ik op de râne fan myn bêd ...’ begûn Melle.

‘No even opsjitte, Melle,’ sei heit. ‘Nei skoalle gean wy lekker te rinnen yn ’e dunen. Dan kinst my alles freegje.’

Melle sprong by heit achterop de fyts.

Dy fytste mei in kûgelsfeart nei skoalle.

12 Melle seach op in tûke yn ’e tún noch in readboarstje sitten.

‘Sjoch, in fffweadfwoafffe!’ rôp er.

Mar troch de nûtsjesmoar yn syn mûle wie dat net te ferstean.

Melle draafde sa fluch as er koe nei syn klasse.

Hy glied op twa fuotten oer de flier en mei in linich spronkje plofte er op syn stoel.

Presys op dat momint gie de skoalbel.

Juf Marloes die har hannen omheech. De klasse waard stil.

‘Hjoed begjinne wy mei rekkenjen,’ sei juf Marloes.

Se tikke op it boerd. Der stienen moeilike sommen op.

De hiele klasse pufte as waard der in fytsbân oppompt.

Melle fûn ek neat oan rekkenjen. Mar heit hie sein dat it hiel belangryk wie. Hielendal ast biolooch wurde woest.

Under it rekkenjen moast er de hiele tiid oan dat frjemde bistje op syn bêd tinke.

Wilens seach er nei bûten. Op syk nei syn favorite bisten.

‘Melle,’ sei juf. ‘Wat tinkst dat it goede antwurd is?’

‘Twa lysters, fjouwer mosken en acht protters,’ stammere er.

De klasse lake.

‘Ast it optelst, binne it mei-elkoar fjirtjin fûgels,’ sei Melle fluch.

‘No, fuort dan. Mar no wer oplette, frjemde fûgel,’ sei juf. Se joech him in knypeach.

Tusken de middei ieten se mei de hiele klasse bôle yn in kring.

‘Hat ien fan jim noch wat aardichs meimakke de lêste tiid?’
frege juf.

Melle tocht nei.

Soe er fertelle oer ôfrûne nacht? Oer dat nuvere wêzentsje dat op syn bêd sitten hie?

Juf wist ek in hiel soad fan bisten.

Hy stuts syn finger op.

'Ja, Melle, fertel it mar,' sei juf.

Melle fertelde oer it libjende boltsje wol dat er op syn bêd sjoen ie.



De hiele klasse begûn te laitsjen.

Juf Marloes ek.

'Ik fyn it moai dat Melle in grutte fantasij hat. Mar sokke wêzentsje bestean fansels net,' sei se.

14 Benjamin, dy't neist him siet, begûn te roppen: 'Melle hat noch knuffelbisten yn 't bêd!'

Elkenien lake.

Melle waard knalread. Hy hie der spyt fan dat er it ferteld hie.



WITE STJONKFERVE

15

Om healwei fjouweren gie einlik de bel.

Melle seach syn heit al by it skoallestek stean. Hy smiet syn rêchtas yn de kofferbak fan 'e auto.

Se rieden nei de dunen.

Melle siet stil yn syn stoel. Soe er heit fertelle oer fannacht? Hy twivele.

De klasse hie him ek útlake.

Heit parkearde by de patattinte op 'e hoeke fan it parkearplak.

'Moatst dêr ris sjen, heit.' Melle wiisde nei in seemok dy't patatsjes út it jiskefet siet te iten. 'Dy seemok hat wite sokken oan.'

'Jakkes, dat is mayonêze,' sei heit laitsjend.

Se rûnen oer it skulpepaad troch de dunen.

Melle fûn it kreakjen ûnder syn skuon altyd sa lekker hearren. Se kamen oan by it heechste dún.

'Hat heit myn toverkiker meinommen?' frege Melle. Dy hie er foar syn jierdei krigen.

'Fansels,' sei heit. Hy pakte it swiere ding út syn brune wurktas en joech it oan Melle.

Mei in toverkiker koest alle fûgels hiel tichtby toverje.

Heit sei dat it eins in fierrekiker hiet. Mar Melle fûn toverkiker folle moaier hearren.

Hy seach in pear sekonden konsintreard troch de linzen.

'Wat sjochst allegear, Melle?' frege heit.

'Ien mûzebiter, fjouwer strânljippen, ien fjildûle, sechstjin mokken.

En in man dy't stikem stiet te pisjen,' sei Melle.

Heit syn mûle foel iepen.

'Melle, do hast echt supereagen. Net te leauwen!'

Hy sloech in earm om Melle hinne.
Boppe har sweefden twa sulvermiuwen.
Heit helle in papieren pûde út syn tas.
'Goed oplette, Melle,' sei er. 'No sil ik toverje.'

16 Yn de papieren pûde sieten allegear koarstjes bôle.
Hy smiet twa koarstjes yn 'e loft.
De beide grutte sulvermiuwen fleagen der mei in kûgelsfeart op ôf.
Se fongen de koarstjes foar't dy op de grûn foelen. Sa knap!
Heit smiet de rest fan de bôlekoarsten in eintsje fierderop yn it sân.
'Doch no dyn eagen ticht en tel mar oant tsien,' sei heit.
Melle die wat heit frege.

